Lollum hat al in fúzje fan de gemeente Wûnseradiel mei Súd Fryslân meimake. Waaksens leit noch yn de gemeente Litten-seradiel. Sûnt lange tiid hawwe de twa doarpen yn ferskillende gemeenten lein. Dêr komt fan 1 jannewaris 2018 feroaring yn. Waaksens sil mei in oantal oanbuorjende doarpen yn Litten-seradiel ek by de gemeente Súd West Fryslân foege wurde. Doarpsbelang hat al goede kontakten mei Súd West Fryslân. Op bestjoerlik nivo sil it allegear wat ienfâldiger wurde. De relaasje mei Litten-seradiel is hiel wichtich om de ûntwikkelingen en feroarings goed te kommunisearjen nei beide doarpen. It is dus saak om ek Waaksens goed fertsjintwurdige te hawwen yn it doarpsbelang.

### b. Mear jongerein belûke by ferienings

It is wichtich dat it doarp in hechte libbene mienskip bliuwt. Meiïnoar dingen dwaan is goed foar it mienskipsgefoel en boppedat is it ek nochris hiel gesellig. Boppedat is it no faak sa dat it op in pear minsken delkomt. It is saak ek de jeugd by de útfiering fan aktiviteiten yn it doarp te belûken foar safier't dat noch net bart.

Foar ferienings is it dreech om bestjoersleden te finen. It is wichtich om jeugd al benoed by de feriening yn te skeakeljen. It is net sa dat jongeren daliks ferantwurdlik hoege te wêzen foar it bestjoeren fan in feriening; der binne ek altyd wol minsken nedich foar it útfieren fan putsjes. Dêr soe de jeugd goed by helpe kinne en sa kinne je se letter ek makliker freegje foar in bestjoersfunksje. Om it oantreklikker te meitsjen foar jongeren kinne se der in maatskiplike stazje-opdracht fan meitsje.

### c. Ferienings kusterje of gearfoegje

Omt it altyd lestich bliuwt om minsken foar bestjoersfunksjes te finen en omt der binnen in doarp in soad ferienings binne dy't ferlet hawwe fan bestjoersleden, is it sinfol om te sjen nei mooglikheden om as bestjoeren gear te wurkjen sadat der minder minsken nedich binne. Sa soenen sportferieningsbestjoeren

## 9. Komunikaasje

### a. Ynternet/webside

It ynternet hat yn tsien jier tiid hast yn alle wenten in plakje fûn. Teminsten de jeugd, mar ek wy kinne der yn ús wurk en priveelibben net omhinne. Wy hawwe al in oantal jierren in doarpswebside, lykas alle doarpen rûnom. Dy side is ûnderwyls alwer oan fernijing ta. De fernijing fan de webside komt op de prioriteitelist fan Doarpsbelang.

### b. Doarpskrante

Wy moatte lykwols net de needsaak fan it ús bekende doarpskrantsje ûnderskatte. Net alinne foar de âlderen ûnder ús dy't gjin yn-ternet hawwe, is it doarpskrantsje in wichtich kommunikaasjemiddel. It is foar in soad minsken noch altyd noflik om wat yn hannen te hawwen. It doarpskrantsje is noch net sa lang lyn fernijd en hat no in eigentidske foarmjouwing.

### c. Gearwurkje/netwurkje

Sawol it moderne kommunikaasjemiddel, de webside, as it doarpskrantsje hawwe harren plak yn it doarp en kinne goed neistinoar bestean. It doarpskrantsje is tsjintwurdich ek digitaal te finen op 'e doarpswebside. Boppedat wurket 'it briefke lâns de doarren' noch altyd goed.

fusearje kinne en meiïnoar aktiviteiten organisearje. De finansjes fan ferskate ferienings soenen troch ien persoan dien wurde kinne.

It is saak om nije bewenners daliks in ynformaasjeboekje te jaan sadat ek hja op 'e hichtebinne fan alle aktiviteiten dy't der yn harren nije doarp plakfine. In moanlikse nûjsbrief mei alle aktiviteiten derop kin de belûtsenheid fergutsje. Alderen dy't út it wurk binne, hawwe faak mear tiid om plak te nimmen yn bestjoeren. Dus as der bestjoersleden nedich binne, kin der ek in berop dien wurde op harren (fûa de fakatuerbank). De feriening kin sa profittearje fan harren ûnderfining.

#### Doel:

- Mear minsken warm krije foar ferienings.

#### Hoer:

- Mear gearwurkje tusken ferienings en omringjende doarpen.

- Doarp op 'e hichte hâlde fan aktiviteiten.



**Doel:**  
- Goeie trochstreaming.  
**Hoë:**

- Stoeppen en strjitten ûnderhâlde.
- Parkearplakken (bûten de strjitten) better
- Parkearplakken en oantreklikker meitsje.

### c. Ferkearsfeiligens rjochting gruttere plakken mei skaallen

Ek de ferkearssitewaasje bûten de doarpen kin ferbettere. Omt der in soad skaalbern, sawol fan de legere skoalle as fan it fuortset ûnderwiis, daaglikks gebûk meitsje fan de diken, wurdt der plete foar fytspaden tusken Lollum en de Bieren en tusken Lollum en de Grauwe kat. Fansels is de oanlis fan fytspaden in kostbere saak. Boppedat moat der genôch romte wêze om soks foarinoar te krijen. In oare, goedkeapere en makliker manier om de ferkearsfeiligens te fergrutsjen is om de diken te ferbreedzjen mei gerstegels. Troch sa'n oplossing wurde net allinne de diken ferbrede, ek wurdt kûlefoarming neist de diken tsjin-gien wêrtroch't it gefaar om te fallen lytser wurdt. Sawol tusken de Bieren en Waaksens as yn Waaksens wurdt al gebûk makke fan sokke tegels ta tefredenheid fan de brûkers.

Ek it oerstekken fan de N359 by de Burch-wetter Hoëke wurdt ûnderfûn as gefaarlik. In krusing op ûngelikense hichte soe de bêste oplossing wêze.

**Doel:**  
- Feilichheid binnen de doarpen.  
- Feilichheid bûten de doarpen.  
**Hoë:**

- Maatregels om snelheid yn 'e stringen te hâlden.
- Fytspaden neist de dyk of gerstegels.
- Krusingen yn de N359 op ûngelikense hichte.

### d. Ferkear oer it wetter

Neist it ferkear oer de diken hawwe wy hjir yn 'e regio in ûnbidich netwurk oan fearten en sleatten. In âlde faarrûte wurdt nij libben ynblaasd en slút oan op it Lytse Farwegen netwurk. Yn de foarige fyzje waard as winsk neamd om 'De Draai' te ferheegjen sadat lytse boatsjes en kano's troch Lollum farre kinne, en oan te sluten op it farwegenet mear westlik fan Lollum. Om besunigingsredenen is it ferheegjen fan 'De Draai' earst fan 'e baan. Der waard wol in alternatyf plan betocht wêryn't allinne twa brêgen by Lollum ferhege wurde soenen. Foar Lollum biedt dat temin foardielen om dêr fierder wurk fan te meitsjen. De brêgen yn de feart lâns Waaksens rjochting Boalsert binne op hichte.

## b. Duorsume enerzjy

### a. Wynenerzjy

De Provinsje en gemeenten hawwe derfoar keazen om gjin fergunnings mear of te jaan foar soltêre wynmûnen by boeren of doarpen. Fanút de oerheid wurde provinsjes ferplichte om in fiksse bydrage te leverjen oan griene enerzjy-opwekking mei help fan wynmûnen. Earst woe de Provinsje de wynmûnen bondel-je yn grutte parken mei grutte wynmûnen. De Provinsje woe dy grutte parken oanlizze yn 'e Iseimar tusken Makkum en Breesânsdyk, yn de trijehoek Harns/Surch en Wyltmarsum en by It Hearrenfean. Dêr kaam sa'n soad pro-test tsjin fanút de omlizzende doarpen dat der no socht wurdt nei alternatieve lokaasjes, fer-spraat oer de provinsje. Der moat nei alterna-tiven sjoen wurde lykas partisipaasje yn re-gionale wynmûneparken. It is ek saak om de kânsen en mooglikheden nei te gean, no't der gjin soltêre (doarps)wynmûnen mear delset wurde meie. Sa min mooglik oerlêst foar de doarpen, wol in wolkomme duorsume ynkom-doarpen, steboarne foar ús doarpen. Sêker no't de pro-vinsjes en gemeenten harren subysydzjekra-nen hieltyd fierder tichtdraaie, is it fan belang om de leefberheid en dêrmei gearhingjend, alternatieve jildstreamen te ûndersykjen.

### b. Enerzjykoopraasje

Boppedat is it de muote wurdich om te ûn-dersykjen hokker mooglikheden der binnne om mei in eigen enerzjykoopraasje jildstream-en foar de doarpen te generearjen. Dat jild kin dan yn de doarpen ynvestearre wurde om de leefberheid op de langere termyn ek ga-randearje te kinnen en te befoarderjen.

*Undersyk nei helberens en winsklikens fan in enerzjykoopraasje om op in duorsume ma-nier foar de middellange en langere termyn selsstannich finansjele middels te generear-jen.*

## 7. Ferkear

### a. Ferkearsfeiligens

De ferkearsdrokte is de lêste tsien jier fiks tanommen mei troch it slûkferkear. Yn 'e navigaasje-apparatuere stiet de dyk tusken Waaksens en Lollum oanjûn as slûkkrûte nei Frjentsjer, dêr't ek troch grutte frachtauto's tankber gebûk fan makke wurdt. Dat komt de ferkearsfeiligens net te goede.

It is net dúdlik hoe hurd oft der op de binnen-diken riden wurde mei. De gemeenten en Pro-vinsje binne wol drok dwaande om in nij fer-kearsplan te meitsjen wêryn't oanjûn wurdt dat op de binnendiken lykas rûnom Lollum en Waaksens, 60 kilometer as maksimum snel-heid jildt. Dêrneist is it fansels noch saak om dy regel ek te hanthavenjen.

It is ek de muote wurdich om te ûndersykjen oft der mooglikheden binne foar fytspaden. Yn ús regio wurdt in soad fytst en rûn troch jong en âld. Fytzers en kûierders binne tige kwets-ber op sokke smelle binnendiken. It is in yl-lúzje om te tinken dat eltse automobilist him oan de maksimum snelheid hâldt, ek al soe dat tige wolkom wêze. Der sil ek by de doar-pellingen sels in mentaliteitsferoaring plakfine moatte wat snelheid oanbelanget.

De N359 (Westergoawei) is in pear jier ferlyn ferbrede en oanpast. De Westergoawei is dêr-mei in 100 kilometer trochstreamwei wurden mei op de krûspunten in maksimum snelheid fan 70 kilometer de oere. Der wurdt geregeld kontrolearre. Mar nettsjinsteande it hege tal boetes is it lêstich de snelheid nei ûnderen te krijen. Yn it bysûnder op it stik dyk tusken Boalsert Noard en Wommels Noard barre ge-regeldwei ûngemakken.

De dyk moat oars ynriochte wurde. Krusin-gen op ûngelikense hichte binne de iennige duorsume oplossing foar alle ferkearsdeinim-mers. Der is in stêvige lobby foar nedich om de Provinsje dúdlik te meitsjen dat der no echt ris wat barre moat. Dêrfoar bondelje de regionale doarpsbelangen en gemeenten har-ren krêften. De earste stappen dêrfoar binne al nommen, mar der is noch in soad wurk te dwaan en der moat konstant goed op tasjoen wurde wat de Provinsje docht.

### b. Ferkearsfeiligens yn de doarpen

Ferkear en bern is altyd in nuodlike kombi-naasje. Dêrom is it wichtich om de ferkears-sitewaasje yn de doarpen optimaal te hâlden. Dat kin troch krûspunten ferkearsfeilich yn te rjochtsjen en foaral de snelheid yn te damjen. Dat kin mei snelheidskontroles, flitspeallen, obstakels lykas dealtsjes of ferkearsdrompels. Wat ek helpe kin, is om hurdriders troch bern oansprekke te litten op har gedrach. Foaral it Noarderein wurdt as knelpunt ûndertûn. De stoepen wurde faak ferriden en it trochgean-de ferkear wurdt faak troch parkearre auto's hindere.

## 5. Wenjen en wurkjen

### a. (Hier)wenten

#### a1. Goedkeape starterswenten

As de âldere jengd graach yn ús doarpen wenjen bliuwe wol, dan moat dy mooglikheid der seker wêze. Dat kin allinne as der genôch goedkeape starterswenten binne yn Lollum, dus dêr moat op ynset wurde. As dat net slagget mei besteande wenningkorporaasjes lykas Elkien, dan moat neigien wurde oft der oare ynvestearders binne dy't (evt. duorsume) huzen bouwe wolle yn lytse doarpen.

Hoe grut oft de fraach nei starterswenten yn ús doarpen op dit stuit is, is noch net bekend. Dêr soe earst in enkête nei holden wurde moatte.

#### a2. Hierwenten

In doarp hat net allinne ferlet fan starterswenten, ek it oanbod oan huzen foar húshâldingen en âlderen moat op peil holden wurde. Foar in doarp is it boppedat wichtich dat der neist keaphuzen ek hierhuzen te krijen binne. De trend by Elkien is tsjintwurdich om hierhuzen yn 'e ferkeap te dwaan, mar dat is net in goeie ûntwikkeling foar in doarp. Iengesins-en âlderewenten moatte foar safier mooglik beholden wurde.

#### Doel:

- Wenromte foar âldere jongeren feilichstelle, hierhuzen behâlde, senioarewenten behâlde.

#### Hoe:

- Oerlis wenningkorporaasjes.

Undersyk nei it wenferlet foar de

middellange en langere

termyn is winsklik.

### b. Bedriuwesamgelbou

Yn Lollum en Waaksens binne in oantal grutte en nochal wat lytsskaliige bedriuwen. It is



saak om dy foar de doarpen te behâlden. Foar ienmansbedriuwkjes is in bedriuwesamgelbou wol hiel aantreklik. Wol soe der earst útsocht wurde moatte oft der echt fraach nei is. Ek it idee fan in ûndernimmersferiening wurdt neamd. Hjir jildt itseide foar as foar in sammelgebou: earst útsykje oft der ferlet fan is by de zppers en ûndernimmers.

#### Doel:

- Fersterkjen posysje besteande bedriuwen.

#### Hoe:

- Bedriuwesamgelbou opsette (ferlet ynventarisearje).

- Undernimmersferiening (ferlet ynventarisearje).

Undersyk nei winsklikens fan in bedriuwesamgelbou.



## c. Kulturele aktiviteiten

Der wurde al ferskate kulturele aktiviteiten organisearre: op muzikaal gebiet hawwe wy it bekende korps ASAF en twa sjonggroepen. Fierder spilet it DA (doarpsaktiviteiten) in sin- trale rol by it organisearjen fan alderhande aktiviteiten. Dochts is der fraach nei mear kulturele aktiviteiten yn de doarpen, lykas lêzingen, workshops, toaniel, en mesyk. Lykwols moat soks wol organisearre wurde. Om dat net allegear allinne dwaan te hoege, soe ûn- dersocht wurde kinne oft der in mooglikheid is ta gearwurkjen mei kulturele kommissjes út oare doarpen. In eigen toanielferiening fynt men wichtich. In moai plak om fan alles te organisearjen binne, neist it doarpshûs, fansels de tsjerkegebouwen, mar ek De Pôle yn Waaksens en dan net allinne foar Waaksens, ek foar Lollum en omkriten. It kin ek jild op- bringe foar de doarpen.

### Doel:

- Mear aktiviteiten.

### Hoe:

- In aktiviteitekommissje ynstelle om dingen te organisearjen.

## d. Sportive aktiviteiten

Lollum-Waaksens is yn hiel Fryslân ferneamd fanwege it biljerten en keatsen. Ek moat it Frysk damjen net fergetten wurde. Yn de win- ter kin der riden wurde op de prachtich romme iisbaan. Yn de iisferiening en de keatsferie-

## e. Kuier- en fytspaden

ning is der troch de doarpen flink ynvestear- re. Der is in geboutse deisjet dat troch beide ferienings brûkt wurdt. It keatsfjild is ynge- and oanpak. Dat is ek allegear wer folslein troch frijwilligers dien. Dêr kinne de doarpen de kommende jierren wol wer mei foarút. De doarpen binne grutsk op har sportfoarsjen- nings.

Kuierjen en fytsen is o sa yn trek tsjintwur- dich. Mear mooglikheden om in rûntse te rin- nen of te fytsen soe in oangenamme ôfwiksling jaan. It soe moai wêze as der mear paden komme, âlde paden dy't wer tagonklik make wurde of nije paden derby. Ek it Lollumer bosk soe dêrby belutsen wurde kinne. As der mear minsken troch de doarpen kom- me, is der ek ferlet fan mooglikheden om ef- kes te sitten. Om it doarpshûs mear yn byld te krijen, soe in terras oan de foarkant hiel ge- skikt wêze, mar ek it fjildsje by Politiek kin dêr foar brûkt wurde. Ek in mobile kofjekorner â la Hartwert/Burchwert wurdt neamd. In boerd spesjaal foar ynformaasje foar toeristen soe dan wol handich wêze.

### Doel:

- Mear kuier- en fytsmooglikheden.

### Hoe:

- Oantrekliker meitsje omjouwing troch mear paden en fasiliteiten.

- Grien dat der al is, goed ûnderhâlde.

oerlêst troch hûnen (hûnestront) en roeken oan te pakken.

## b. Plak foar 12-oant 16-jierrigen


It is foar dizze leeftydsgroep wichtich om in eigen plak te hawwen, yn in 'frije' omjouwing dêr't se ek droech stean kinne as it reïnt. Hjirby wurdt tocht oan in 'bushokje' of, as dat mei fan it bestjoer, oan it gebouste fan de iisferiening. As dat mei, moatte der fan-seis goeie ofspraken makke wurde, sadat der gjin misbrûk fan makke wurde. Eventueel soe der tasicht hâlden wurde kinne. Ek kin men tinken oan it organisearjen fan (mear) jûnen yn it doarpsûs lykas spultsje- of filmjûnen. Der wurdt ek praat oer in volleybalnet of in basket of in fierjepskâns by it sportfjild en in skeelerbaan om it sportfjild hinne. In fierjepskâns by it sportfjild en in skeelerbaan om it sportfjild hinne. Mear yn it doarpsûs of it gebouste fan de iisferiening organisearje. Eigen hingplak. Ferieningen oantrekliker meitsje foar jeugd.

### Doel:

- Fasiliteiten foar bern behâlde.
- Fasiliteiten foar groep 12-18 útwreidzje mei volleybalnet of in basket.
- In fierjepskâns by it sportfjild en in skeelerbaan om it sportfjild hinne.
- Mear yn it doarpsûs of it gebouste fan de iisferiening organisearje.
- Eigen hingplak.
- Ferieningen oantrekliker meitsje foar jeugd.

### Hoe:

- Earst jeugd sels freegje nei winksken.



bestjoeren kinne der wat oan hawwe. De skoalgeande jeugd kin op dizze manier oan maatskiplike staažes komme.

Earst sille fraach en aanbod ynventarisearre wurde moatte. Dat kin fia it doarpskrantsje of de webside. Der kinne al in oantal ûnderwerpen (lykas ferfier evt. tsjin kostpriis brânstof, grienûnderhâld) oandroegen wurde, sadat der al wat struktuer oandrocht wurde kin. Hjir moat dan in kaartebak fan makke wurde. Dizze kaartebak moat wol goed beheard wurde. Der kin neigien wurde oft der subsidzjes foar dit projekt te krijen binne.

Foar âlderen dy't wol wat help brûke kinne, is in fakatuerbank in maklike manier om oan help te kommen. Mar oan 'e oare kant binne der ek in soad handige âlderen dy't miskien wolris in putsje dwaan wolle.

### Doel:

- Mear minsken mobilisearje foar frijwilligers-wurk
- Undersyk nei de winkslikens fan sa'n fakatuerbank

## 4. Frije tiid

### a. Plak foar bern

Yn Waaksens is der foar de jongere bern in boarterstûntsje dat ek troch de wat âldere bern wol brûkt wurdt as moetingssplak. De boarterstûn wurdt jierliks kard. De measte tastellen binne ûnderwys ôfkard. Der wurde de nije mooglikheden socht om de tastellen te fernijen. Lollum hat syn eigen nije boarterstûn by it sportfjild, dêr't tankber gebûk fan makke wurdt. Lollum hat ek noch in stikje bosk dêr't de bern graach omstrune en hûten bouwe. Dat moat eins sa bliuwe. Wol is it saak om it grienûnderhâld by te hâlden en de





**Doel:**  
- Bestaande tsjerkegebouwen behâlde troch  
se funksjoneel te brûken.

#### d. Doarpsûs

It doarpsûs is it sintrum fan kulturele en sportive aktiviteiten. Yn de simmermoannen draait it benammen om de keatsport en it hiele jier troch wurde der biljertwedstriden or-ganisearre. In pear jier ferlyn is der troch de stifting Dorpsûs "De Nije Haven" bestellen om fiks te ynvestearjen yn it doarpsûs troch it yngand oan te pakken. Sawol oan 'e bin-nenkant as oan 'e bûtenkant is it doarpsûs, yn oerlis mei de pachter, yngand renovearre en oan de winsken en easken fan dizze tiid oanpast. Tanksi de ynset fan in aktive ploech frjwilligers is it mooglik wurden om de kosten yn 'e hân te hâlden. Anno 2014 is it doarpsûs foar it grutste part wer klear foar de takomst. Der is in mearjierreplan makke wêrmeit de kommende jierren de lêste winsken en it lêste ûnderhâld ferwêzenlike wurde kin. De frjwill-igers bliuwe ek in sintrale rol spyljen.

#### e. Fakatuerbank

Mei in goeie fakatuerbank kinne je minsken dy't no in hiel soad dogge foar de doarpen, wat ûntlestigje en oaren aktivearje. Foaral âlderen en minsken dy't wat mear help nedich hawwe, krije sa de mooglikheid om wat makliker ten te finen dy't wolris in put-sje dwaan wol foar harren. Mar ek ferienings/

Sa is der foar de Herfoarme tsjerke fan Lol-lum in plan fan feroaring en oanpassing fan it ynterieur makke. Op dit stuit wurdt de tsjerke allinne brûkt foar tsjinsten. It is de bedoe-ling it (ferâldere) ynterieur oan te passen oan de easken fan dizze tiid troch de tsjerke te foarsjen fan in keukenblok, in wc - ek foar ynvaliden - en goeie ferwaarming. Dêrtroch wurdt de tsjerke geskikt makke foar sawol tsjinsten as oare aktiviteiten. Dêrby wurdt tocht oan toaniel, konserten, tentoanstellings ensafuorthinne. Troch mei losse stuelen te wurkjen kin der sawol lytse as foar grutte groepen in geskikte opstelling makke wurde.

De Grifformearde tsjerke fan Lollum is ûnder-wyls (hast) oerdroegen oan de Stifting Gredid-hoekekathedraal. Dy stiet foar de opjette om in passende bestimming foar dit unike ge-bou te sykjen. Wilens is it idee opfette om fan de Grifformearde tsjerke in regionaal sin-trum foar advys en begelieding op it gebiet fan ôfskie, útfeart en rou te meitsjen. Dêrfoar moatte der wol kreaken yn 'e tsjerke komme dêr't alle aspekten fan it lêste ôfskie en út-feart bejochte wurde kinne. De hiele tsjerke sil roistoeltagonklik makke wurde. Fierder sil it mooglik bliuwe om tsjinsten yn dizze tsjer-ke te hâlden lykas kulturele aktiviteiten sa as toaniel, konserten, tentoanstellings ensfh.

Foar de Herfoarme tsjerke fan Waaksens wur-de der noch plannen makke.

### 3. Foarsjennings

#### a. Skoalle

Yn de doarpen Lollum en Waaksens hawwe wy op dit stuit relatyf noch in soad jeugd. Dêrom kin hjir in brede skoalle bestean foar beide doarpen. It learlinge-oantal foar it skoaljier 2013-2014 leit op sa'n 40.

De (brede) skoalle yn eigen doarp leit eins alle minsken, sawol jong as âld, nei oan it hert. Hy wurdt sjoen as it hert fan it doarp, boarne fan aktiviteiten, moetingssplak; dus sawol as basistoarsjennings as sosjale foarsjennings is de skoalle ûnmisber.

Ek is it fansels in gemak dat de bern net alle dagen nei in oar doarp ta brocht hoege te wurden of der sels hinne fytse moatte. In skoalle yn it eigen doarp hâldt it doarp libben en jong. Eitsenien is it der wol oer iens dat de skoalle wol kwaliteit hawwe en hâlde moat. De skoalle is net allinne in moetingssplak foar de bern. Ek heiten en memmen, pakes en beppes en elts dy't dat wol, kin sa út en troch telâne op skoalle (krystferieningen, mestykútferieningen). Ek wurde âlders gauris frege om te hantlangjen by spultsjesdagen en reiseskes. Sa hat de skoalle ek foar oaren in sosjale funksje. Der is eins mar ien mooglikheid om de skoalle oerein te hâlden en dat is soargje foar genôch bern. Dochts is ek yn us doarpen de lanlike tendins fan de krimp te merkbiten. De kommende jierren sil it oantal bern seker sakje. It oantal learlingen dat de kommende jierren de skoalle ferlit, kin, foarsafier't men no sjen kin, net kompinsearre wurde troch it oantal nije pjutten. Oft de skoalle op 'en doer bestean bliuwe kin yn dizze tiden fan krimp, fúzjes en jildkrapte is net mei wissichheid te sizzen.

#### Doel:

- Skoalle behâlde.

#### Hoë:


- Besykje jonge húshâldingen yn Lollum en Waaksens te krijen/hâlden.

Per 1 jannewaris is de Lytse Byb spytigernôch sletten troch besunigingsmaatregels.

#### b. Biblioteek

#### c. Tsjerken/tsjerkegebouwen

Yn de doarpen Lollum en Waaksens steane trije byldbepalende tsjerken: de 12de-ienske Herfoarme tsjerke en de Grifformearde tsjerke út it begjin fan de 20ste ieu yn Lollum en de 12de-ienske Herfoarme tsjerke yn Waaksens. Alle trije binne no noch yn gebrûk foar de sneinske earetsjinst. Mar troch it krimpende tal gemeenteliden en dêrmei de ynkomsten en it hieltyd djoerder wurdende ûnderhâld is it net mear mooglik foar de tsjerklike gemeente fan Lollum-Waaksens om de tsjerken sels te behearen. Der is foar keazen om de tsjerken ûnder te bringen yn stiftingen dy't de tsjerken ferhiere kinne oan de tsjerklike gemeente en oan oare brûkers. Foar de tsjerklike mienskip is it goed dat der in plak is en bliuwt om byinoar te kommen. Dochts moat der ek sjoen wurde nei oar gebrûk fan de tsjerkegebouwen.



## 2. Sosjaal geografyske gegewens\*

	2012	2012	1-jan-14	1-jan-14
Oantal ynwenners:	355	85	347	87
Manlju	182	50		
Froulju	173	35		
Leeflydspou:				
0-14	21%	23%		
15-24	13%	7%		
25-44	20%	27%		
45-64	34%	30%		
65+	12%	13%		
Oantal hushaldings	140	30		
Gearstalling hushaldings:				
Tenpersoans-hushalding	19%	10%		
Mei bern	50%	43%		
Sunder bern	31%	47%		
Gem. grutte hushaldings	2,9	2,9		
Oantal wenten	145	30		
Keapwenten	81%	90%		
Hierwenten	19%	10%		

\*Dizze gegewens binne ôfkomstich fan it CBS



## 1. Yntjeding

As wy it oer feroaringen hawwe, wêr hawwe wy it dan oer? As wy de sosjaal geografyske gegevens dy't op de folgjende side steane, ferlykje mei de sifers fan de foarige fykje, dan falt op dat it ynwennertal fan Waaksens stabyl bleaun is (sels in bytsje groei) mei 83 yn 2003 en 87\* yn jannewaris 2014.

Yn Lollum leit dat oars. It docht bliken dat der yn Lollum krimp plakfûn hat. Yn 2003 telde Lollum noch 408 ynwenners. Yn de foarige fykje waard noch oanjûn dat it ynwen-nersoantal om de 400 skommeljen bleau. Yn 2012 wie it oantal ynwenners lykwols al weromrûn nei 355 minsken en per 1 jannewaris 2014 is it oantal weromrûn nei 347\*.

Dy krimp giet geliedlik, mar yn tsien jier tiid is it ynwennertal dochs mei 61 weromrûn, dat wol sizze in efterútging fan goed 14%! Dat binne sifers dy't te tinken jowe. De kategory ynwenners tusken de 45 en 64 jier is mei 34% relatyf it grutst. Dat betsjut dat de kommende tiid mear minsken 65+ wurde (fergrizing).

De kategory dy't bern krije kin (25-44 jier) is al lytser, nammentlik 20%. It oantal jeugdigen is noch lytser mei 13%. Dat binne sifers dy't de gemeenten waarnimme, mar ek alderhande oare ynstânsjes wêrûnder de Provinsje, skoalbestjoeren, wenningkor-poraasjes ensfh.

Goed ûnderboude útwreidingsplannen (lykas nijbou) wylst der krimp plakfûnt, dêr rinne gemeenten en ynstânsjes net waarm foar. Wat betsjut dat foar de skoalle en de hierhuzen? Koart sein, der komt nochal wat op ús ôf. Spreekbyld? Nee, mar wol de re-allyteit. It is in breed droegen winsk om ús doarpen leefbaar te hâlden en dat kin ek, mar dan moatte wy der wol meiïnoar wat oan dwaan. Yn dizze doarpsfykje komme de fierdere ûntwikkelingen en mooglikheden oan de oarder.

*\*Dizze gegevens komme fan de gemeentes Littenseradiel en Súdwest-Fryslân.*



# Ynhâldspjefte

1. Ynlieding

2. Sosjaal geografyske gegevens

3. Foarsjennings

- a. Skoalle
- b. Biblioteek
- c. Tsjerken/tsjerkegebouwen
- d. Doarshûs
- e. Fakatuerbank

4. Frije tiid

- a. Plak foar bern
- b. Plak foar 12- oant 16-jierrigen
- c. Kulturele aktiviteiten
- d. Sportive aktiviteiten
- e. Kuier- en fytspaden

5. Wenjen en wurkjen

- a. (Hier)Wenten
- a1. Goedkeape starterswenten
- a2. Hierwenten
- b. Bedriuwesammeljebou

6. Duorsume enerzjy

- a. Wjnenersjy
- b. Enerzjykoöperaasje

7. Ferkear

- a. Ferkearsfeiligens
- b. Ferkearsfeiligens yn de doarpen
- c. Ferkearsfeiligens rjochting gruttere plakken mei skoallen
- d. Ferkear oer it wetter

8. Bestjoerlike oangelegenheden

- a. Doarpsbelang/gemeenten
- b. Mear jongerein belûke by ferienings
- c. Ferienings klusterje of gearfoegje

9. Kommúnikaasje

- a. Ynternet/webside
- b. Doarpskrante
- c. Gearwurkje/netwurkje

Foar jo leit de nije doarpsfyzje fan Lollum-Waaksens. De reden om dizze fyzje te meitsjen is dat de foarige ferzje datearret fan 2005. It jout us de gelegenheid om nei de takomst te sjen.

Dizze fyzje is ûnder oare ûntstien mei help fan de ynformaasje dy't wy sammele hawwe op twa diskusjesjûnen dy't troch Doarpsbelang belein binne foar de ynweners fan Lollum en Waaksens.

Wat dêrby optoel wie dat der in soad praat waard oer it behâld fan foarsjennings. Foar de minsken dy't meipraten wie dat in wichtige betingst foar it behâld fan de leefberheid yn 'e beide doarpen. Dat is te begripen en ek terjochte. Mar oan de oare kant ûntstiet dêr in spanningstiid, want de wrâld om us hinne feroaret noch altiten yn in heech tempo. Sels yn de tiid dat wy dwaande wienen mei de útwurking fan dizze fyzje, binne der alwer dingen feroare. It ynformaasje-tiidrak is út ein set. De wrâld is net in lyts bytsje feroare yn de lêste tsien jier, de wrâld is kompleet feroare yn it ôfrûne desennium.

Hoe geane wy dêrmei om, hoe soargje wy derfoar dat us libbensromte noflik en leefber bliuwt? Dat freget moed fan us en de reewilligens om mei te feroarjen yn de feroarjende wrâld. Allinne fêsthâlde oan it âlde, is net de oplossing, mar wat dan wol?

Wy besykje yn dizze fyzje in balans te finen tusken feroarjen en behâlden. Dat is mei-inoar sykje nei (nije) mooglikheden. Der binne fansels bedrigings, mar likegoed nije kânsen. Wy wurde útdage om nei te tinken om nettsjinsteande en tanksj alle feroarings de leefberheid yn us doarpen stal te jaan. Dat is in yngewikkeld, mar ek spannend proses.

Waaksens, 31 maart 2014.

Jehannes Herder

Foarsitter Doarpsbelang Lollum-Waaksens



# Kolofon

Inisjatyfnummer:  
*Dorpsbelang Lollum-Waaksens*

Begelieding diskusjesjûnen:

Petearlieders:  
*Haye Jacob Jorritsma  
Holger Bakker  
Klaas Hendriks  
Chantal van Sluys  
Jehannes Herder  
Gerrie Folkerts*

Notulisten:  
*Michaëla van Beekhuizen  
Baukje Westra  
Inge Wildschut  
Antje Tuinstra  
Crista Sieperda  
Hilly Velde*

Utwurking en eindredaksje:  
*Baukje Westra en Inge Wildschut*

Koördinaasje:  
*Jehannes Herder*

Foarmjouwing:  
*John van den Berg*

Foto's:  
*Lykje Veenje, Klaas Hendriks, Jehannes Herder, John van den Berg, Hendrik Jellema*

Drukwurk:  
*WMMedia, Draaisma druk & Print, Dronryp*

Subsydjes:  
*Gemeente Súdwest-Fryslân*

© 2014 Dorpsbelang Lollum-Waaksens. Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opsein yn in automatysk databestân, of iepenbier makke wurde yn watfoar foarm ek of op watfoar wize ek, elektronyk, meganysk, troch fotokopjen, opnamen of op watfoar wize ek, sûnder foarfgeande skriftlike tastimming fan de útjouwer.

# LOLLUM WAAKSENS



DOARPS  
FYZZJE  
2014  
2019